



## Über dieses Buch

Dies ist ein digitales Exemplar eines Buches, das seit Generationen in den Regalen der Bibliotheken aufbewahrt wurde, bevor es von Google im Rahmen eines Projekts, mit dem die Bücher dieser Welt online verfügbar gemacht werden sollen, sorgfältig gescannt wurde.

Das Buch hat das Urheberrecht überdauert und kann nun öffentlich zugänglich gemacht werden. Ein öffentlich zugängliches Buch ist ein Buch, das niemals Urheberrechten unterlag oder bei dem die Schutzfrist des Urheberrechts abgelaufen ist. Ob ein Buch öffentlich zugänglich ist, kann von Land zu Land unterschiedlich sein. Öffentlich zugängliche Bücher sind unser Tor zur Vergangenheit und stellen ein geschichtliches, kulturelles und wissenschaftliches Vermögen dar, das häufig nur schwierig zu entdecken ist.

Gebrauchsspuren, Anmerkungen und andere Randbemerkungen, die im Originalband enthalten sind, finden sich auch in dieser Datei – eine Erinnerung an die lange Reise, die das Buch vom Verleger zu einer Bibliothek und weiter zu Ihnen hinter sich gebracht hat.

## Nutzungsrichtlinien

Google ist stolz, mit Bibliotheken in partnerschaftlicher Zusammenarbeit öffentlich zugängliches Material zu digitalisieren und einer breiten Masse zugänglich zu machen. Öffentlich zugängliche Bücher gehören der Öffentlichkeit, und wir sind nur ihre Hüter. Nichtsdestotrotz ist diese Arbeit kostspielig. Um diese Ressource weiterhin zur Verfügung stellen zu können, haben wir Schritte unternommen, um den Missbrauch durch kommerzielle Parteien zu verhindern. Dazu gehören technische Einschränkungen für automatisierte Abfragen.

Wir bitten Sie um Einhaltung folgender Richtlinien:

- + *Nutzung der Dateien zu nichtkommerziellen Zwecken* Wir haben Google Buchsuche für Endanwender konzipiert und möchten, dass Sie diese Dateien nur für persönliche, nichtkommerzielle Zwecke verwenden.
- + *Keine automatisierten Abfragen* Senden Sie keine automatisierten Abfragen irgendwelcher Art an das Google-System. Wenn Sie Recherchen über maschinelle Übersetzung, optische Zeichenerkennung oder andere Bereiche durchführen, in denen der Zugang zu Text in großen Mengen nützlich ist, wenden Sie sich bitte an uns. Wir fördern die Nutzung des öffentlich zugänglichen Materials für diese Zwecke und können Ihnen unter Umständen helfen.
- + *Beibehaltung von Google-Markenelementen* Das "Wasserzeichen" von Google, das Sie in jeder Datei finden, ist wichtig zur Information über dieses Projekt und hilft den Anwendern weiteres Material über Google Buchsuche zu finden. Bitte entfernen Sie das Wasserzeichen nicht.
- + *Bewegen Sie sich innerhalb der Legalität* Unabhängig von Ihrem Verwendungszweck müssen Sie sich Ihrer Verantwortung bewusst sein, sicherzustellen, dass Ihre Nutzung legal ist. Gehen Sie nicht davon aus, dass ein Buch, das nach unserem Dafürhalten für Nutzer in den USA öffentlich zugänglich ist, auch für Nutzer in anderen Ländern öffentlich zugänglich ist. Ob ein Buch noch dem Urheberrecht unterliegt, ist von Land zu Land verschieden. Wir können keine Beratung leisten, ob eine bestimmte Nutzung eines bestimmten Buches gesetzlich zulässig ist. Gehen Sie nicht davon aus, dass das Erscheinen eines Buchs in Google Buchsuche bedeutet, dass es in jeder Form und überall auf der Welt verwendet werden kann. Eine Urheberrechtsverletzung kann schwerwiegende Folgen haben.

## Über Google Buchsuche

Das Ziel von Google besteht darin, die weltweiten Informationen zu organisieren und allgemein nutzbar und zugänglich zu machen. Google Buchsuche hilft Lesern dabei, die Bücher dieser Welt zu entdecken, und unterstützt Autoren und Verleger dabei, neue Zielgruppen zu erreichen. Den gesamten Buchtext können Sie im Internet unter <http://books.google.com> durchsuchen.

Groth . De Quickborn . 1857.

HD WIDENE  
  
HW YSJF G



erL 1088.436.60

HARVARD COLLEGE  
LIBRARY



THE GIFT OF  
HENRY HARMON STEVENS

PH.D. 1916







2-1

# DE QUICKBORN.

---

**PLAT DUETSKE RYMKES,**

YN IT FRIESK OERBROGT

TROG

**Dr. E. HALBERTSMA.**




LIUWERD.

**E. HOSBACH J. Cz.**

1857.

---

Printe by HOSBACH.



# DE QUICKBORN.

---

**PLAT DUETSKE RYMKE,**

YN IT FRIESK OERBROGT

TROG

**Dr. C. Halbertsma.**



LIUWERD.

**E. HOSBACH J. Cz.**

1857.



Gen L 1044.436.60

HARVARD COLLEGE LIBRARY  
GIFT OF  
HENRY HARMON STEVENS  
AUG 30 1929

## VOORBERIGT.

*Omstreeks het jaar 1850, verscheen er in Noord-Duitschland een bundel gedichten, onder den titel van "QUICKBORN, Volksleben in plattdeutschen Gedichten, ditmarscher mundart, von KLAUS GROTH, Doctor philosophiae." Hamburg by Perthes-Besser & Mauke. 1856.*

*Van den verbazenden opgang die dit boek om deszelfs lieve, natuurlijke en echt dichtsterlijken inhoud, getuige de zesde uitgave die reeds in 1856 verscheenen is, waarbij eene met sierlijke plaatjes getooid. Prof. K. Müllenhoff in Kiel schreef er eene inleiding en een klein glossarium bij: een nuttig bijvoegsel voor den hoogduitschen lezer, om die lieve versjes regt te verstaan; maar ik ben het met dien Professor niet eens wanneer hij zegt: De bewering, dat in het ditmarscher dialect Friesche elementen voorhanden zijn, is evenzeer van grond ontbloot, als van een zeker Hollander, die, om zijner zaligheids wille, zijn Hollandsch uit het Hebreewsch afleidde. In tegendeel vind ik er enkele echt Friesche woorden in, zoo als: Hadbar, Friesch Aebarre, Jimm, Friesch Jimme, In sot, Friesch In saed of put, In dut, Friesch In tuut, Osculum. Buiten-*

dien is de constructie zoo geheel Friesch, dat ik geheele regels zonder verschikking, woordelijk konde overzetten.

Ditmarschen is een landje in den hoek die den linkeroever van de Eider met de Oostzee maakt, wier inwoners in oude tijden wegens dapperheid beroemd waren, en dicht daar bij wonen de Noord-Friezen.

Quickborn beduidt eene altijd opwellende bron, zoo als er in Duitschland vele zijn. In het Koninkrijk Hanover zijn drie plaatsen van dien naam in de nabijheid van zulke bronnen aanwezig. Dit woord heeft de schrijver als titel voor zijn boek gekozen en ik heb het behouden.

Maar lezer, gij hebt hier niet eene vertaling van het geheele werk: het is slechts eene bloemlezing. Er zijn lange stukken in voorhanden, maar die of te plaatselijk in Ditmarschen te huis behoorende waren en veelal in onberijmde versmaat; iets dat minder geschikt is voor het Friesch.

Met de uitgave van deze versjes, bedoel ik alleen: de geleerden opmerkzaam op het oorspronkelijke werk te maken en de ongeletterde liefhebbers van onze moedertaal een genoeglijk oogenblik te verschaffen.

LEEUWARDEN, den 7 September 1857.

E. H.

## Myn Memmespraek.

---

Myn memmespraek, het klinkste ljeaf!

Dou leist my 't hert sa nei!

Al wie dat hert fen stien in stiel,

Dou drjeouwst de stymskens wei.

Dou boegst myn styve nekke krom

As memke mei har hân;

Dou streakeste myn troanje saeft,

In stil is 't onfoarstân.

Ik fiel my as in swak lyts bern,

De hele wrald foarfjocht.

Dou bliest my as in foarjierswyn

It kranke hert to rjocht.

Myn pake lei myn hantjes gear,  
 In sei myn boi: sis op!  
 In 't „Onze Vader” bea ik den,  
 Den wie ik pake pop.

In 'k fiel it djip, it wirdt foarstien,  
 Sa sprekt eak mar it hert;  
 In himelsch sygje waeit my oan  
 As balsem foar de smert.

Myn memmetael sa sljocht in rjocht,  
 Ik scamje my dy net!  
 As mar in bern „myn memke” seit,  
 't Klinkt my as in gebed.

In as ik yn de frjeamde bin,  
 In hjaar dy alde tael;  
 Den klinkt my gin musyck sa moai,  
 Sa sjongt nin nachtegael.

---



## MYN JOHANNES.



Ik woe wy wien' jit lyts Johan,  
Doe wie de wrald sa great!  
Wy sieten op in stien Johan,  
Wist' wol? der by de sleat.

In bopp' ues syld' it moantsje stil,  
Wy seagen hoe se roun,  
En praetten hoe de wolken heech  
In 't djip wier ond'r 'e groun.

Wist' jit hoe stil it wie Johan,  
Nin bled trill' oan de yck;  
Sa is dat nou net meer Johan,  
Dat is foarflein als ryck.

Och nee, as doe de scipper song,  
Allinne uet djip gefoel:  
Net wier Johan? het klonk dat ljeaf!  
Der op dy stille poel.

Somwylen yn de scimerjoun  
 Ontfalt my wol in trien';  
 Den tink ik al dy dingen roun,  
 Fen doe der op dy stien.

Den swing ik my sa hastich om  
 As stoe der jitte ien.  
 Dochs alles het ik fyn Johan,  
 Dat is — ik stean in sriem.



## De Fisker.



Moai Anna stoe al foar hjar doar,  
 Al foar hjar doar,  
 De fisker gong foarby.  
 Ljeaf Anna makkest' der in hoas,  
 In blouwen hoas,  
 Dy breidest' wol foar my.

Dy hoasen kryt myn broeder oan,  
 Myn broeder oan,  
 Fier op 'e blouwe see;  
 Dou makkest' sels dyn net sa great,  
 Dyn net sa great,  
 In sels dyn hoasen ree.

Myn net dat meits' ik great in wyd,  
 Sa great in wyd,  
 Mar foar 'e domme scol:  
 Dou breidest' hoasen fyn in ticht,  
 Sa fyn in ticht,  
 Dou makkeste my dol.

Moai Anna breidest' dou dyn hoas,  
 Sa 'n fynen hoas,  
 In breidest' dou se blou;  
 Der fangst' dou al 'e fiskers mei,  
 De fiskers mei,  
 Al wier 'n se noch sa gou.

## EINTJES YN 'T WETTER.



Eintjes yn 't wetter,  
Hwat foar 'n gesnetter!  
Eiuen oan 'e dyk,  
Hwat in musyck.

De icark' is hwat heasch, hwat hwat seil wy ytte?  
Slob'r yn 'e slob'r yn 'e groun is it fet!  
Queacquack! de grien kop seil 't wytte:  
Brokken in waerm wetter! dat is in set.

Eintjes yn 't wetter,  
Hwat foar 'n gesnetter!  
Einen oan 'e dyk,  
Hwat in musyck.

De rinstien mar loans oan 't pjucken in snaplen!  
Bleatsconksk in platfoets in jimmer foarnocche!  
Hjir is it kokengat, koartmoes in âp'len!  
Wackeli, Gackeli — sjoch hoe se socche!

Eintjes yn 't wetter,  
 Hwat foar 'n gesnetter!  
 Einen oan 'e dyk,  
 Hwet in musyck.

Nou opp' 'e wal, in nou ropp' se der jinder!  
 Der komm' se oan, in hark hoe 'n gequeack.  
 Flean mar del, in flodderje as in flinter!  
 Al dat klear' wetter rint blank lans de neck'!

Eintjes yn 't wetter,  
 Hwat foar gesnetter!  
 Einen oan 'e dyk,  
 Hwat in musyck.

Hwat hwat wolle wy? Mar nei 'e scoerre.  
 Hark der wirdt teske, fluch troch it moerr' gat!  
 Kom mar, kom saefkes! op tjeantjes! hwat toere!  
 Duwk mei 'e kop, in yt gou, slim as in kat!

Eintjes yn 't wetter,  
 Hwat foar 'n gesnetter!  
 Einen oan 'e dyk,  
 Hwat in musyck.



Der komt de faem oan! naei mar uet, oer 'e pjeallen!  
 Heech oer 'e haech, hals oer 'e kop yn it maed!  
 Syl mar as froascen in flean as 'e swieallen,  
 Wys as in minsc' — in sa saed! in sa saed!

Eintjes yn 't wetter,  
 Hwat foar 'n gesnetter,  
 Einen oan 'e dyk,  
 Hwat in musyck.

---

### **It lyts famke.**

---

Dou lytse blanke soekersnuet,  
 Het lakest' scelmsk ta d' aegjes uet!  
 Dou hest in koell' yn eltse wang,  
 Het biste smoek, het biste twang.

Nou siste jit wol graeter dye,  
 Och! och! hwet mei ik dy graech lye,  
 In dobb' yn 't kin, in 't moeltje fyn  
 In trou lyts hertje binnen yn.

---

## In brief op rym.

Ik krygge jimme brief yn goede gesontheit,  
In seag al het er by jimme omgiet,  
Hoe 't mei de kou in mei de houn stiet  
    In mei de guds,  
In dat Anne' Tryn de bek noch giet  
    Op syn lammestirts.


In dat de rogge matig bouwt,  
In 't bern him al oan 't rinnen jout,  
In master oppe jonges houwt,  
    As wier 't mar leer.  
In dat Jan Sweal te maye trouwt,  
    In oare meer.

Pleun' Antje het my de brief brocht,  
In sei de smid dy libbe noch,  
In dat syn soan al swierde noch  
    Krekt as aleer,  
In al it oare nys noch,  
    Hja wist net meer.

Dat 's diss' keer alles het ik wit,  
 In oar' keer meer as 'k 't net foarjit;  
 Pleun' Antje bringt in koeke jit  
     Foar Jan syn toet.  
 Jouw God jinme, het ik daech'liks bid:  
     In soune huwd.



In klok dy net giet,  
 In poat dy net stiet,  
 In goune dy befylle,  
 In houn dy noait bylle,  
 In faem dy net feit,  
 In hin dy net leit,  
 In kat dy net muws't,  
 Dy litst' dou better buwten huws.



## Rein-Liet.



Reintje, reintje bruws,  
Wy sitt' hjir waerm yn huws!  
De dou sit yn de beam te koeren,  
In poes sit onder 't taek te loeren:  
Reintje, reintje bruws,  
Wy sitt' hjir waerm yn huws!

Reintje, rein in meitsje wiet,  
Hwet roekt dat yn de boscen swiet!  
Blomkes hingje sliep'rig slop  
In bisluete hjar yn de knop:  
Reintje, reintje wiet,  
Hwet roekt de bierk hjir swiet.

Reintje, reintje suws  
Fen boppen op ues huws,  
Rin oer it alde reiden teak  
In wietsje de ycken bjeammen cak:  
Reintje, reintje suws  
Fen boppen op ues huws.

Reintje, reintje fall,  
 Meits' it net to moal!  
 Lit den de wolken wer foargean,  
 De sinne oan de himel stean:  
 Reintsje, reintsje ruws,  
 Oer it alde huws.



## **De bern boatse.**

It sygje fen de joun  
 Luwk saefkes oer de groun,  
 'n As 'k my nou hwat winskje koe,  
 Wie ik in bern as doe.

Luffich waeit hjar wille blyd,  
 Oer it stille fjild,  
 Och! dy romme bernetyd,  
 Wirt net koft foar jild.



Lyket my myn libben ta  
 As in swiere droam?  
 Koe 'k as bern wer wille ha  
 Sonder soarch oaf scroam!

Al myn freuchd' is sonder klank;  
 Och! myn hert is kald,  
 Hjeear ik jouns it bly gesang  
 Fen de berne-wrald.

Den sinkt my de lodde del  
 Uet de wurge hân.  
 Graef my mar is seafkes del,  
 Wei nei 't berne-lân?

## IT SCYNSEL.



Sy koam by 't bead yn 't deade himd,  
In ljocht hie se yn 'e hân;  
Hja wie noch wyter as hjar himd,  
In as de snie oer 't lân.

Sy koam sa lanchsam lans de flier  
In fette de gordyne;  
In ljocht' in seach him yn 't gesicht,  
Wylst se oer him hinne lyne.

Dochs hie se mawle in eagen ticht,  
In 't sykk' opheljen stoe;  
Hja roerd' nin lid, in seach dochs uet,  
As ien dy sprekke woe.

De gryse roan him lans de reach,  
In ta de tjeannen uet;

Him tocht hy goeld' yn deades aengst  
 In joech dochts nin geluet.

Hy mient hy grypt hjar mei de hân,  
 In ward' him tjin de dea;  
 In fielt mank alle scrik in aengst,  
 Hy repte lid noch lea.

Doch doe hy einling wer bekoam,  
 Doe gonch se just uet 'e doar,  
 As kryt sa wyt, yn 't hinnekleed,  
 In ljocht' hjar lanchsam foar.



## Ald Beppe.



Ald beppe slomm't yn 'e briedstoel,  
 De bibel op 'e scirtt'.  
 Ik wit net of dat leasen  
 Der eak wol folle wirdt.

Hja sjocht hjar troch dat brilgleas  
 De eagen omtrint blyn.  
 In ywrich is se beusich  
 Sels yn 'e moannescyn.

Fenn' moarn dochts is se danich  
 Foarbjust're in foartiesd;  
 In sjocht net hoe it mopke  
 Hjar oan 'e rokken tiest.

Hja merkt net dat de boarre  
 Hjar yn 'e moetse spint.  
 In de kanarjefoegel  
 Hjar op 'e finger rint.

It sintje scynt sa freunlik  
 In stoaft hjar wangen read:  
 Och! ljeawe God der boppe —  
 Dat alde sloaf is dea.

---

## O WOST' MY NET HAWWE.



O wost' my net hawwe,  
Myn ljeaf lytse Tryn?  
O wost' my net hawwe,  
Myn ljeaf lytse Tryn?  
Dou kenste wol menne,  
Dou kenste wol ride,  
Oaf wost' oan myn side gean,  
Myn ljeaf lytse Tryn?

Het bruit my dyn alde,  
Syn huws in syn fjild!  
Het bruit my dyn moaike,  
Hjar grutscens in jild!  
Sis mar ik scil mei gean,  
Sis mar dou bist' myn,  
In kom yn 't springrokje,  
Myn ljeaf lytse Tryn!

---



## Hja langhalset.

---

De see is fol fen wetter,  
It hert oergjalpt fen bloed,  
In komt de moanne scynen,  
Den ryst in falt de floed.

In sjen ik him fen fierren,  
Den tjocht my op it bloed,  
Sa ryst de see in falt se,  
Sa komt, sa ebb't de floed.

Der boppe tjenn' de wolken,  
Dear onder roll' 't de see,  
De wrald is great in iensom,  
Min hert is lyts in wee.

De sinne is klear der boppe,  
Hjir efter 't griene lân,  
Ik sjen, mar scier yn 't tjuster,  
De newel op it strân.

De sinne duwkt yn 't wetter,  
 De aebarr' stapt sa twang;  
 De see is jît oan 't raesen,  
 In sjongt syn joungeſang.

Het der oer 't wetter kloekit,  
 Dat is de wylde swan;  
 Hwat het dy wol te roppen  
 Dy flugge wyte man?

Yn mist in newel hobbelt  
 Der jinder jît in boat;  
 Wa wit, der sjenn' eak eagen  
 Nei 't strân yn bitt're noad.

Och! mocht ik swimme in drjouwe  
 Sa ſtaetlik as in swan,  
 Oaf mei de wyte wolken  
 Oaf mei de ſtille moarn'!

Och! wier ik mar in aebarre,  
 'k Fleach yn de wrald rounom;  
 Nou ſtean ik hjir oan 't wetter,  
 In hjer it waech gebrom.

---

## JOUNFREEDDE.



De wrald is o sa seafkes,  
As lei se yn 'e slom,  
Min hjeart nin sucht, nin leitsen,  
Hja libbet mar is stom.

It soeset troch 'e bledden,  
Seaft as in bernesliep  
Dat binn' de widsesankjes  
Foar ky in 't froede sciep.

It doarpke leit yn 't tjuster,  
In newel leit er oer;  
Twa ljeafsten hjeart min luest'rjen,  
As 't freunlik dougekoer.

Min hjeart de kykes snuwen,  
Yn 't lange, griene kruwd,  
Dat houwen en dat snuwen  
Dat is it ienichst' luwd.

Dat 's wis de Himelfreede,  
 Nin haet, nin stryd, nin spot;  
 O! 't is de tyd fen bidden, —  
 Hjear my, o goede God!

---

DE LJURK GIET FOART.

---

Farwol! Farwol de simmer giet!  
 Farwol oan 't oankomm' jier!  
 Farwol! it is myn leaste liet!  
 Nou wirdt it hert my swier!

Ik haw eak song'n in hele tyd,  
 Al troch 'e simmer hinne,  
 Nou reisgj' ik foart, nei wyd in syd  
 Nei 't sieden, nei de sinne.



## SNEINS REAST.

---

De stille reast is yn it huws, oer 't fjild is nin  
getier,  
In op 'e delle leit it scaed, de sinn' scynt op 'e  
wier.

Der is in plak foar freed' in reast, binaest de  
jonge frou!  
Hja trjouwt har berntje oan it boast, sa ljeaf-  
likjes in trou.

Nin wolk is yn 'e bloue loft, op 't weasen nin  
foartriet,  
Nin luwd is oer it stille fjild, as 't plechtich  
klokgelied.

---

## De jonge widdou.



As 't jouns sa read yn 't westen tjocht,  
Den tink ik och! oan dy!  
Sa teach it gansce leger wei,  
In dou wierst' eak dearby.

As bledden falle fen de beam,  
Den tink ik foart oan dy;  
Sa foel eak mannich brawe feint,  
In dou wierst' eak dearby.

Den sit ik hjir sa treurich del  
In tink sa foll' oan dy.  
Ik yt allinn' it jounmiel op —  
In dou bist' net dearby.



## Oaf-leanne.



De soan dy hie hjar kraftich ljeaf,  
Hjar wier sa weak, sa fyn.  
't Ald wyf dy flokte yn 't huws roanom,  
Hwat beeldt dat ding har yn?!

Hja naem har bondel onder 'e earn,  
Fen trjinnen de eagen fol,  
Sy sei de alde stil goe'n dei  
Sy sei de soan: farwol!

Hja gong de huwk' om fen de hacch  
In siet der op in stien,  
De alde flokt' om huws in hear,  
De soan ontrolle in trien.



## MYN ANNA.



Myn Anna is in roas sa read,  
Myn swiete huenich seam,  
Myn Anna is in sweal te foet,  
Myn Anna is as molk' in bloed,  
In apel oan 'e beam.

De Grietman het in apelhoaf,  
In roasen pruw in prat.  
De Grietman nimt syn apels oaf,  
Syn roasen waeie yn 't stof;  
Myn Anna bljout myn scat.

Sy is myn scat myn sillichheit,  
In allens ta gelyk;  
In as de wyn mei roasen waeit,  
In as de stoarm mei apels saeit;  
Myn Anna bljout allyk.



Sy falt net oaf, sy waeit net wei,  
 Hjar troanje is frisc en read.  
 Sa gloeit myn boarst, in 't hert deryn,  
 Myn Anna blijouwt in blom deryn  
 Ta oan 'e scrille dea.

---

A L D - J O N G.

---

Wy gongen te gjearre yn 't fjild myn Hans,  
 Wy gongen te gjearre te reast,  
 Wy sieten te gjearre oan 'e disc,  
 Sa warden wy grys op 't least.

Trep op sa licht, tred oaf sa traech,  
 Sa mannich, mannich jier —  
 'k Haw dochs myn Hans noch kreakt sa ljeaf,  
 As doe mei 'n kruws kop hier.

---

## De dochter fen 'e loats.

---

Hja koe de nachts net sliepe,  
De see jouch sa 'n geluwd,  
De hele nacht net sliepe:  
Hy wie te fiskjen uet.

„Myn vader, lit ues roeie,  
De see bromt luwd in near,  
O, lit ues roeie, roeie,  
De fiskers drycht gefaer.”

De daeche blonk yn 't oasten,  
De see gong heech in hol;  
Het drjouwt der fier yn 't oasten?  
It wier in omkearde jol.

Ik haw fen nacht net sliepen,  
Och heit 't wirdt my sa near,  
In komm' wy wer te lanne,  
Meitsj' den myn bead mar klear.

---

## HIJ SEI MY SA FOLLE.



Hy sei my sa foll' in ik sei him nin wird,  
In al het ik sei, wie: Och Jan, ik moat foart!

Hy toete my fen boaskjen in trouwen yn 't ear,  
Hy sei my fen allens, in ik wit it net mear!

Hy halde myn hân, in sei myn ljeawe troel,  
In ik scoe him dochs nimme, hy tinge sa fuwl!

Ik wie eak net boas, mar ik sei dochs nin wird,  
In al het ik sei, wie: Och Jan, ik mat foart!

Nou sit ik in tink, in tink ik jimmer oan,  
My tocht' ik moast' sein ha: wol graech of wie 't moarn!

In dochs, komt it wer sa, sa sis ik nin wird,  
In luwkt hy my, sis ik: Och Jan, ik moat foart.



## IT KOELE GREAF.



Op it alde tsjerkhoaf sa somber, sa from,  
Der sliepe twa ljeafsten in droame in droam.

Hja sliepe in droame de lange nacht,  
Sa lang hjar de jongste daeche foarwacht.

De heit dy sei: myn dogter is ryk,  
In boeresoan dy is har net lyk.

De mem dy sei: dy scoane pop,  
Ues jonker dy set er syn sinnen al op.

Sy sei: farwol, 't is de leaste joun,  
Myn heit het my oan in oaren foarboun.

Dat duld ik nou in nimmer net,  
Den geane wy beide yn 't planken fet.

Hja stiene op, foar de daeche raed,  
Doe diene se beide dy srik'like daed.

Der wie oars nin rie, nin help for har,  
Nou sliepe ja iwich by 'n oar.

Nou lit har reaste ta de jongste dei,  
 Dat God har wer op weitsje mei.

Der waeit yn 'e nacht in wyn uet it noard,  
 Der bloeit nin rea blom, hja binne foarsoard.

---

FOARLERN.

---

Syn memke giet in jammert,  
 Syn heit is stil in stom,  
 Ik meltsj' de kou in fei de fier,  
 In my tinkt nimmen om.

De boerren om te treasten,  
 Dy sisse in freunlik wird,  
 In as hja treure in treaste,  
 Den sluwep ik heimlik foart.

In jountyd yn myn herntje  
 Kruwp ik sa treurend wei,  
 In sriem sa wiet de sloapen,  
 Ta oan de ljochte dei.

Hja hawwe jit in oaren,  
 Hja hawwe jit in soan:  
 My bljouwe bitt're trjinnen  
 Myn libben is foardoarn.

In komme den syn makkers  
 In siss', hoe braef hy wie,  
 Den sluwp ik yn 'e loane,  
 In wein in wit nin rie.

My tinkt, ik hjeear it sjitten,  
 De gry's' rint m' oer 'e grou',  
 My tinkt ik hjeear, hy ropt, hy ropt:  
 Myn Anna kom dochs gou.

---

FAMME WINSK.

—•••••—

In keamer te feijen in op te scoaien,  
 In lyts bern te heinen in te troaien,  
 In in jongman op te passen:  
 Dat giet boppe smullen en brassen.

---

## DE GREATE STIEN.



By Schalkholt op 'e heide,  
Der leit sa 'n greaten stien,  
Der stiet in scruff op screaun,  
Dat is bynei foargien.

By Schalkholt op 'e heide,  
Der leit in stien sa great:  
Der sloech yn alde tyden  
In broer syn broeder dea.

Der wie in boeredogter,  
Der halden se beide fen,  
Der wie yn 't hele doarpke  
Nin moaier faem te sjen.

„Sis broeder myn, het sceelt dy?  
„Hoe toanste so 'n treurichheid?  
„Kom mei dyn moaiste pakje,  
„Den kom 'k by dy mei de breid.”

„Te moarn den haw ik heel nin tyd,  
 „Den moat ik nei de heide,  
 „Oars fret de kweade wolf myn sciep,  
 „De beste yn 'e weide.”

By Schalkholt op 'e heide  
 Der leit in stien sa great;  
 Der sceat hy sneintomoarne  
 Syn eigen broeder dea.

---

### HOE HJIT SE DOCH?



„De slotboers aldste, hoe hjit se doch?”

Cathrina, Catryn!

„De slotboers twade, hoe hjit se noch?”

Christina, Christyn!

„De jongste is dy noch te klien . . . .”

Hja is dochs tjep in fyn besnien,

In roaseknop sa fyn!



Wy roapen luwd yn 't bosk rounom:

Cathrina, Catryn!

Dat wjearklonk yn it wald werom:

Christina, Christyn!

Der hawwe hja songen uet al har macht,

De jongste namme neamd' ik sacht,

Seaft, saaft sei sy, hald yn.

De slotboer stie blyd foar 'e doar te sjen:

Cathrina, Catryn!

Hjar memke sei seafkes: myn ynerlik bern

Christina, Christyn!

De jongste kryge foar 'e doar nin pat,

De jongste het yn 'e tuen har scat,

De jongste dat is myn.



## TO BEAD.



Hoe wurg in hoe sliep'rich!

De hannen mar gear  
Ik wit net, het bid ik?  
Ik bid mar net mear!

Hoe wurg in hoe sliep'rich,

In tsjuster de nacht:  
Ik seach him mei 'e eagen,  
As glimke hy sacht.

Sa blyd in sa freunlik —

Och! meitsj' ik se ta,  
Den sjocht him myn hert noch,  
As laeke hy my ta.

Ik droam wol yn 't weitsjen,

Is 't spoakjen of sok?  
Ik wit net, is 't sonde?  
O nee! it is 't gelok.

---

## SCIPPERS BREID.



Kom mei, it glimt yn 't easten,  
Kom mei, in neul net sa!  
„Ik ken net gean, ik ken net stean,  
Myn hert dat kloppet sa!”

Ik draech dy op 'e jearmen,  
Ik draech dy yn it boat!  
„Het scil myn memke sisse,  
Dy sriemt yn bitt're noad!”

Dyn mem, dy moat hjar treaste,  
Dyn heit is al te hird!  
Ik bin dyn heit in memke,  
Ta dat hy seafter wirdt.

Ik ken dy net foarlitte,  
Myn ingel, myn behald!  
Ik draech dy op myn earm  
Wol troch Gods wyde wrald!

Ik haw myn boat yn 't wetter,  
 Ik haw myn scip op 'e see,  
 Ik haw myn ljeafst' op 'e earm:  
 Myn vaderlân, adiee!



## IT HUWS.



Foarscuwlle mank de esken,  
 Der stiet in lyts huws;  
 Der 's 't jountyds sa stiltjes,  
 Der rept him nin muws;  
 Der scynt troch 'e bledden  
 In ljochtje sa blank;  
 In beppe yn 'e briedstoel,  
 In sy op 'e bank.

Dat scynt my yn 'e eagen,  
 Der luwkt my myn sin,  
 Dat luwkt my yn 'e scimerjoun  
 Sa heimlik der hinn',

Sa waerm in sa smuwkjes,  
 'k Wyt sels net wer fen;  
 Ik stean der by 't finster,  
 'k Bin blyd 't ik it sjen.

In sitt' wy te praeten,  
 By 't ljocht op 'e bank,  
 Den lykket my har troanje,  
 Wol twaris sa blank;  
 Den is 't der sa reastig,  
 Den rept him gin muws;  
 O, koe ik der bljouwe,  
 In moast net nei huws!

---

## DE ALDE WYLJENBEAM.



Den klopje mar oan 't finster,  
 Dan klopje dou mar sacht,  
 It doarp leit te sliepen  
 In stil is de nacht.

Den klopje mar oan 't finster,  
Mar sacht oan it ruet  
Ik hjaar dy yn 't sliepen,  
Den kom ik er uet.

De tuen is sa reastich,  
De moann' is sa blank,  
Kom sacht, kom fen nacht,  
Oer de sleat, oer de plank.

Der stiet de ald wyljen,  
Der onder in stien,  
Der woll' wy den sitte,  
Twa herten yn ien.

Der woll' wy den praete,  
Sa heimlik, sa sacht;  
In nimmen scil 't wyte,  
As it moantje in de nacht.

---

## TWA LJEAFSTEN.



Hwat kloppet oan myn finster der,  
Hwa kloppet oan it ruet?  
„Nou dwaen mar op myn ljeafste myn  
„In kypje ewen uet!”

Och nee, och nee, dat dwaen ik net,  
Der waeit sa 'n koelen wyn.  
„Nou dwaen mar op in aechenblik  
„Dou biste hertljeaf myn.

„Dwaen dou mar op in lit my yn,  
„Mar foar in amery!”  
Och nee, went heit dy hoastet sa,  
In mem slept tichte by.

„Kom tjen dy oan in kom 'r is uet,

„In kom 'r is yn it hôaf.”

Och nee, ik haw in oaren ljeaf,

Al jirren oan foarloaw'!

„In hest' dou lang in oaren ljeaf

„Dy 's dea, dat God behoed;

„In gean mar efter 't tsjerkhôaf om,

„Der leit hy yn syn bloed”

In doe hja efter 't tsjerkhôaf koam,

Doe libbe hy net mear.

„Och Vader, dol ues beide in greaf

Ik haw nin ljeafste mear!”

Der is in greaf yn 't griene gears,

Der bloeie roasen read,

Der lisse twa ljeafsten by in oar

Sa trou ta yn 'e dea.



## FOAR 'E DOAR.



Lit my gearn ald beppe slept,  
Lit my gearn de wachtman klept,  
Hark! hwat klinkt dat hol in moai,  
Gearn in kruwp mar yn dyn koai.

Sjoch! de tsjerke lyket great,  
Der leit ues goede boerman dead.  
Sliedou soun ik tink oan my,  
Ik droam de hele nacht fen dy.

Beppe loert, hja hjert it wis,  
Nou is 't nôach, stap op mar fris.  
Moarn te joun, as beppe slept,  
Bljouw ik ta de wachtman klept.

---

Als proeve van de taal der Ditmarschers, geven wij ten slotte  
het volgende van den Dichter CLAUS GROTH:

---

## MIN VADERLAND.



Dar liggt int Norn en Ländeken deep,  
en Ländeken deep,  
Un eensam liggt de Strand,  
Dar blenkt de See, dar blenkert de Schep,  
dar blenkert de Schep:  
Dat is min Vaderland.

Ik seeg an Heben Wulken so blank,  
de Wulken so blank,  
Se kamt ut't blaue Haf,  
Un æwer dat Ländken trocken se lank,  
dar trocken se lank  
Un Regen drus' heraf.

Nu blenkt wul de Dau op Wischen un Holt,  
op Wischen un Holt,  
Un dufti steit de Saat,

Un du liggst still, du Ländeken stolt,  
 du Ländeken stolt,  
 In all din Pracht un Staat.

Schin nich de Fleier as Gold oppen Thorn,  
 as Gold oppen Thorn,  
 Wenn Abends de Betklock summ?  
 Un æwer dat Feld blöh Hecken un Dorn,  
 de Hecken un Dorn,  
 Un de Marsch war wit un stumm.

Denn glänz as Sülwer unendli dat Meer,  
 unendli dat Meer,  
 Un flö' un ebb heraf;  
 Un klingt dat deep as Klocken derher,  
 as Klocken derher:  
 Hör to! denn Brust dat Haf! —

Wa de Wulken blendt, nu dat dämmri ward,  
 nu dat dämmri ward! —  
 Weer dat dat Haf wat klung?  
 Och ne, den Ton in min egen Hart,  
 in min egen Hart  
 Hett lisen de Wehmoth sungn.

Bonn am Rheine.









This book should be returned to the Library on or before the last date stamped below.

A fine of five cents a day is incurred by retaining it beyond the specified time.

Please return promptly.



